

Op syn gryks



ik doar net fleane mar wy geane
nei it strân fan Grikenlân
dêr op fakânsje wol ik dûnsje
mei de griken hân yn hân

oeral hinne yn 'e sinne
alles fleurich yn 'e kleur
yn prinsipe neat begripe
dus gjin lêst en gjin geseur

al op Zakinthos mis ik myn tas
mei myn paspoart en myn jild
wy kin as friezen dêr om gnize
der wurdt net te swier oan tild

dan nei stêd ta, slaat mei fêta
moussaka falt der goed yn
mei muzyk en mei de griken
sûpe wy de wite wyn

de oare deis al wer op reis
wy dogge o sa kultureel
sjogge plusminus acht ruïnes
fan dy kultuer is neat mear heel

dan mei Sjakie de sirtaki
fan it dûnsjen wurd ik wurch
earst in dûs o, al dy ouzo
wat mis ik myn bearenburch

'k bin wol takocht fan wat'k ha mocht
fan dy grykske iterij
ierpelskiven mei oliven
jout oars neat as skiterij

en mar koarje, sûkelarje
aspirines by de rûs
kinst hjir rane en ferbaarne
mar ik wol sa graach nei hûs